

MOASJE

<p>Wurklistpunt: 15. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei</p>
<p>Underwerp: Ofskaffing ferhierdersheffing</p>
<p>De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 21 novimber 2019</p>
<p>Fersiket it kolleezje:</p> <p>Yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten, de Vereniging Friese Woningcorporaties, IPO en de VNG der yn 2019 by it Ryk op oan te trunen dat de ferhierdersheffing ôfskaft wurdt.</p> <p>En giet oer ta de oarder fan de dei.</p>
<p>Taljochting:</p> <ul style="list-style-type: none"> - Wenningkorporaasjes hawwe in foarlûkersrol by de transysje fan de beboude omjouwing en it leefber hâlden fan doarp, stêd en plattelân. - Wenningkorporaasjes moatte in ferhierdersheffing oan it Ryk betelje oer de WOZ-wearde fan (sosjale) hierwenten. - Ut antwurden op fragen yn Provinsjale Steaten docht bliken datorporaasjes yn Fryslân, ek yn Achtkarspelen, elk jier likernôch twa moanne hier fan har wenten oan it Ryk ôfdrage moatte: in totaalbedrach fan 40 miljoen euro. - Wenningkorporaasjes kinne troch de ferhierdersheffing minder ynvestearje yn nijbou, leefberens, ferduorsuming en it betelber hâlden fan de hierprizen. - In grut tal wenningkorporaasjes makket beswier tsjin dy ferhierdersheffing. - Sûnt ein oktober 2019 is dúdlik dat de ferhierdersheffing foaral ynvestearre wurdt yn de rânstêd. - Hierders ûnderfine troch de heffing neidielige finansjele konsekwinsjes troch it net útfieren fan duorsumens-maatregels yn de sosjale wenningbou of troch ferheging fan de hierprizen. - De útdagings yn Fryslân/Achtkarspelen binne oars as yn de rânstêd: wy moatte de ferkrotting tsjingean, de leefberens yn doarp, stêd en plattelân oerein hâlde en mei it each op de opjeften út it Klimaataakkoart moatte de (sosjale) wenningen yn Fryslân ek ferduorsume wurde. - De wenningkorporaasjes witte sels hiel goed wêr't ynvestearringen nedich binne. - Dizze moasje wurdt fia de griffies nei alle oare riedsleden yn Fryslân en (yn oersetting) oan alle griffies fan de oare gemeenten yn Nederlân tastjoerd.
<p>FNP-Achtkarspelen,</p> <p>Hr. S.D. van der Meer</p>

Stemming motie:

Motie is met algemene stemmen (20) **aangenomen**